

## Oprjochting fan "de Sékrite", Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn 'e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe't efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy't al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauweflich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn 'e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr't hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om't Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau'ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan 'e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn "de Meerkoet", it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1<sup>ste</sup> foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wiene der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woene wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn 'e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik "De bekroande earsteling". De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wienen. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der ek al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,-). Yn die tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf.

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik "Taaie Teie". Op 12 maart 1974 koe it 300<sup>ste</sup> lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 120 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris. Spitichgemôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylders. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog

<http://www.fryskbutenfrylan.frl>

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingelêd fan de Sékrite



Oprjochte 25 novimber 1971  
Lid fan it Frysk Boun om Utens

Jiergong 33  
Nûmer 4, April 2019

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889  
RABO-bank Lelystêd  
Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396

# RESTO van Harte

Hét recept voor een betere buurt

Gezellig komen eten? Schuif aan bij Resto VanHarte Zuiderzee, Waddenlaan 1, Lelystad. Reserveer via [www.restovanharte.nl](http://www.restovanharte.nl) of bel 0900 900 3030 op maandag t/m vrijdag tussen 09.00 en 12.30 uur, (35 ct/gesprek) Driegangenmenu voor € 7,00

MINSKEN,  
wêz dochs tûk  
kom nei Valentijn  
foar in presintsje  
of opsmûk



KUNSTNIJVERHEID  
Waagpassage nr. 60-62,  
8232DV Lelystad

KUM FLEURICH  
KFFB  
Kast  
Fol  
Fryske  
Boeken

KRISTLIK FRYSK FOLKSIBILETEEK

Trije kear yn it jier in Frysk boek foar de helte fan de winkelpriis?  
En trije kear in boekkrante fergees?  
Wurd dan lid fan 'e KFFB, de iennichste boekklub yn Fryslân.  
As nij lid krije jo 1 roman fergees.  
It lidmaatskip fan 'e KFFB kostet € 27,00 yn 't jier. Dêrfoar krije jo trije kear yn 't jier (yn febrewaris, maaie en septimber) in roman en De fleanende krie.

Ynformaasje:  
C. Rozendal-Boelens  
De Vergulde Klok 15  
9102 DJ Dokkum  
tel.: 0519 321262  
e-mail: [boekklub@kffb.nl](mailto:boekklub@kffb.nl)

# VOLVO

Autobedrijf  
Jacob Schaap b.v.

Ketelmeerstraat 120, 8226 JX Lelystad - 0320-258588  
Installatieweg 41-43, 8251 KP Dronten - 0321-312317  
Traktieweg 2, 8304 BA Emmeloord - 0527-613631

Foar nije  
en healsliten  
boeken



kin Jo altyd terjochte by:  
Luit en Johanna Dijk  
0320 - 412444  
[luit.dijk@kpnmail.nl](mailto:luit.dijk@kpnmail.nl)

**VERHUISD** Onze meubelen nu WoonSuxes

**WOON SUXES**

Kom inspiratie opdoen in onze nieuwe showroom aan de Schoepenweg 71 in Lelystad. Makkelijk bereikbaar en gratis parkeren.

Gratis waardecheque voor een hotelovernachting of diner. Bij aankoop van meubels krijg je na tijdelijk gratis een waardecheque voor een hotelovernachting of diner.

vanaf 399

Bankstel Cengo  
Cengo is een optimale bank tegen een ongehoord laag prijs. Leverbaar in diverse stoffen, kleuren. Van gladde velours tot grijs linnen. Of ook in het in leer! Geen probleem... ook dat is mogelijk.

Bankstel Cengo  
Dinamische  
Mooie lifestyle  
Leverbaar in verschillende kleuren.

van 225,-  
179  
20% korting

Bankstel Cengo  
Dinamische  
Mooie lifestyle  
Leverbaar in verschillende kleuren.

15% korting  
179  
DIL VOOR

Vitrinekast Delta  
Strakke vitrinekast  
gemaakt van massief  
rood hout. Leverbaar  
in meerdere kleuren  
en afwerkingen.  
Bij WoonSuxes 15%  
extra korting op alle  
Delta kasten.

WoonSuxes Schoepenweg 71 Lelystad [www.woonsuxes.nl](http://www.woonsuxes.nl)

**TRADITIES  
BLIJVEN SMAKEN**

**BAKKERIJ  
De Haan**

HOOGEND 15 SNEEK | 0515-413487  
[WWW.BAKKERIJDEHAAN.NL](http://WWW.BAKKERIJDEHAAN.NL)

Uitgebreid aanbod boxspring  
Nederlands fabricaat. Al vanaf  
**499,-**

**MEGA  
OPENINGS  
AANBIEDINGEN**  
LET OP WIJ ZIJN VERHUISD!

**OPENINGS  
STUNT**  
Hoge kwaliteit matrassen  
met de laagste prijs  
Vanaf **99,-**

**SCHERPE  
PRIJS**  
Iedereen zegt de  
GOEDKOOPSTE te zijn.  
DE MEUBELMARKT IS HET!

Scherpe breedkasten  
Vanaf **688,-**

Dressoir tegen lage prijzen  
Vanaf **748,-**

GOEDKOOPSTE  
IN NEDERLAND

Scherpe gepolijste vitrinekasten  
Al vanaf **968,-**

Settels in veel verschillende  
formaten, kleuren en materialen  
Vanaf **438,-**

**BANKSTEL  
STUNT**  
Spectaculaire aanbieding.  
Bankstel "TASH U" voor heel veel comfort  
en dat voor zo weinig! Vanaf € 999,-

**de meubel markt**  
het juiste woon!

Uw bank is geld waard!  
Voor een oude bankstel of meubelstuk geven wij de allernieuwste mogelijke aankoop!  
U hoeft niet eens uw oude bank of meubel mee te nemen. Een foto van uw oude  
meubelstuk is voldoende! Dus kom snel naar onze showroom en pak uw voordeel!

De Meubelmarkt Schoepenweg 71 Lelystad [www.demeubelmarkt.nl](http://www.demeubelmarkt.nl)

Schoen- & Sleutelservice  
**T. Boonstra**  
Weversstraat 24,  
8223 AC Lelystad  
Tel.: 0320-222288

**SCHOENMAKERS  
GILDE**

**Als uw banden  
versleten zijn,  
gooit u uw auto toch  
ook niet weg !?**

**VAN LIER**  
SINCE 1815

Voor meer informatie over vakkundige  
reparatie van uw kwaliteitsschoenen, kijk op  
[WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL](http://WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL)

# NIJS FAN IT FRYSK BOUN OM UTENS



**Op 16 novimber 2019 is der wer in Moetings - en Ynspi-raasjedei yn 'De Kiekmure' yn Hurderwyk**

FRYSK SELSKIP

*„Gysbert Japicx”*

OPRJUCHTE 22 DESIMBER 1897 TO HAERLIM

Jammergenôch is de krite fan Haarlim, Frysk Selskip “Gysbert Japicx”, de âldste krite ûnder it Frysk Boun, der nei 121 jier mei opholden. Mei noch in goeie 100 kriteleden slagge it net langer om noch in

betelber plak yn Haarlim te finen om kritegearkomsten te organisearjen. Boppedat wie de animo om in sit yn it bestjoer te nimmen der ek net en nei in ledegearkomste yn maaie 2018 is it beslút nommen om de krite op te heffen: ivich spitich fansels!

Fierder binne der plannen dat de krite fan Seist, selskip ‘Mei inoar’, oanslút by de krite fan Utert, Selskip Fryslân. De measte leden hawwe oanjûn dat sy mei geane nei de krite yn Utert. It plak fan de kritejûnen sil dan wol ôfwiksele wurde, yn Seist en yn Utert. De krite fan Seist is oprjochte yn desimber 1928, ek al 90 jier âld.



Hovenier  
**G. Veenstra**  
*Voor al uw tuinwerkzaamheden*

Bolderweg 60\*  
8243 RW Lelystad  
Tel. (0320) 251 009  
Mobiel 06-20056979

## Ynhâld Meidielingebled:

side

|                                                          |    |
|----------------------------------------------------------|----|
| # Wurd fan de foarsitter .....                           | 2  |
| # Ferhaal: Lytse argewaasje.....                         | 4  |
| # Weromsjen op de kritejûn mei Hymphamp .....            | 6  |
| # Eveneminten yn Fryslân Simmer 2019.....                | 8  |
| # Ferslach kritejûn mei Wiltsje fan Peazens.....         | 10 |
| # Ut de Boekhoeke .....                                  | 12 |
| # Ut de Itensiderij .....                                | 13 |
| # Kritejûnen 2019 -2020, Krittenijs .....                | 14 |
| # Anjeraksje en gedicht: Lok fan Froukje Annema .....    | 15 |
| # Nijs van it FBoU - M- en Y-dei - Nijs selskippen ..... | 16 |

**De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar 1 septimber 2019.**

## ----- K O L O F O N -----

### Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite:

**Foarsitter:** Jan Bijkerk, e-mail: [sekrite@janbijkerk.nl](mailto:sekrite@janbijkerk.nl)

**Fice-foarsitter:** Johannes Fransen, e-mail: [j.g.fransen@versatel.nl](mailto:j.g.fransen@versatel.nl)

**Ponghâlder:** Jan Koopman, e-mail: [jan@zwanenwater.nl](mailto:jan@zwanenwater.nl)

**Skriuwer:** Luut Dijk, e-mail: [luit.dijk@kpnmail.nl](mailto:luit.dijk@kpnmail.nl)

**Lid:** Yvonne Nederpel, e-mail: [ycm.nederpel@gmail.com](mailto:ycm.nederpel@gmail.com)

**Lid:** Annie Noppers, e-mail: [annie\\_evenhuis@hotmail.com](mailto:annie_evenhuis@hotmail.com)

**Lid:** Jantsje Meijer, e-mail: [jantsje-meijer@live.nl](mailto:jantsje-meijer@live.nl)

**Koar:** Fetsje Meijer, e-mail: [fetsje.meijer@ziggo.nl](mailto:fetsje.meijer@ziggo.nl)

**Kosten:** it lidmaatskip is € 12,-- yn it jier

**De redaksje en opsmûk** fan it boekje: Jan en Sjoerdsje Bijkerk.

Kopij opstjoere nei: [kopijsekrite@janbijkerk.nl](mailto:kopijsekrite@janbijkerk.nl)

**Eareleden fan de krite:** Sijke Glas - v.d. Veen, Albert Postma en Gerrit Kingma.



## FAN DE FOARSITTER.

Bêste freonen fan de Sékrite,

Dit is it lêste boekje fan dit winterskoft. It bestjoer is al wer drok dwaande mei it kommende seizoen. De datums foar de kritejûnen foar it winterskoft 2019 - 2020 binne wer fêstlein (sjoch hjirfoar side 14) by de Krakeling en Teater Posa, en der wurdt al wer drok socht nei de ynfolling van de kritejûnen.

As wy efkes werom sjogge op it ôfrûne jier dan meie wy as krite net kleie. De opkomst fan de leden is, de jiergearkomste net meirekkene, sa'n 60 prosint. No, dat hawwe oare kriten net. Mar ek de opkomst by ús jiergearkomste wurdt elk jier heger. De lêste kear wiene der 32 leden oanwêzich. Der binne ek kriten dêr kin de jiergearkomste wol yn in húskeamer holden wurde, sa'n bytsje leden komme der dan.

Mar ja, it is wol sa, as wy op de kritejûnen goeie kwaliteit ha wolle op it mêd fan toaniel, muzyk of kabaret, dan binne wy dochs flink wat jild kwyd. En de sealhier fan Posa is ek net oan de lege kant. Mar wêr fine jo sa'n smûk teäter mei sokke goeie en goedwollende minsken fan it behear. Dêr hawwe wy it wol mei troffen, en binne wy ek tige mei ynnommen.

Kwaliteit hawwe wy dit winterskoft seker wol hân: dan tink ik oan de toanielploech fan Pro Rege, muzyk mei Wiltsje fan Peasens en fansels de kabaretjûn mei Theater Hymphamp.

Fierder is it mei ús ledetal ek net mis, wy skommelje al in pear jier sa rûn de hûndert leden, der falle wat ôf mar der komme sa no en dan ek wer by. Op de lêste jûn op 23 maart koene wy de beide dochters fan Frou Schiere, Anke út Amsterdam en Lutske út Almere, wolkom hjitte as nije leden. Geweldig dochs! Dus minsken, sjoch ek ris yn jimme buert om jimme hinne en probearje de Friezen en mooglik net-Friezen oer de streep te lûken om op ús kritejûnen te kommen.

Ja, want Friezen fiele harren it meast ferbûn mei harren provinsje fan alle Nederlanners. Ek binne se fan alle Nederlanners it meast grutsk op harren eigen provinsje. Dat docht bliken út in enkête, útfierd troch de NOS en de regionale omroppen, nei oanlieding fan de Provinsjale Steatferkiezingen. As Friezen frege wurdt wêr't sy harren it meast mei fer-

## ANJERAKSJE fan 19 oant 25 maaie 2019.

De 74e Anjeraksje fan it Prins Bernhard Kultuerfûns komt der oan!

Dizze fynt plak fan snein 19 oant en mei sneon 25 maaie 2019.

Mei tank oan jimme ynset foar de Anjeraksje koe it Prins Bernhard Kultuerfûns yn it jier 2018 wer in moai mannich projekten op it gebiet fan kultuer en natuerbehâld finansjeel stypje.

Wy hoopje dat jimme ek dit jier wer dielnimme oan de Anjeraksje. Jo kinne meidwaan mei de kollektibus (hûs oan hûs of op strjitte) wilens de Anjeraksjewike no ek online fia it platfoarm [www.anjeractie.nl](http://www.anjeractie.nl) te berikken is.

Yn beide fallen ûntfange wy as krite de helte fan it ophelle bedrach retoer foar de eigen kas, de oare helte komt ta goede oan kultuer en natuer yn de regio wêr de opbringst ophelle is.

### Lok.

Lok fynst yn it earste  
glimke fan dyn bern,  
lok fynst yn de wize  
eagen fan dyn mem.

Lok fynst yn it harkjen  
nei in suver liet,  
lok fynst yn it treasten  
by in djip fertriet.

Lok fynst yn it hantsje  
dat yn dines leit,  
lok fynst yn dat iene wurd,  
dat krekt alles seit.

Wa't fan dizze dingen  
net de wearde sjocht,  
mar it lok al sykje wol  
dy siket om 'e nocht.

Froukje Annema.



### Soms hawwe jo gewoan gelok!

Ja minsken, hoe is it mooglik, de frou op de foto is Dinie van der Woude út Ljouwert. Sy hat op ús kritejûnen, sawol op 16 febrewaris as op 23 maart, de sealpriis wûn!

Dan ha jo wol gelok hân, net?

## KRITEJÛNEN winterskoft 2019-2020.

| Datum                                                      | Ynhâld fan de jûn                                                       |
|------------------------------------------------------------|-------------------------------------------------------------------------|
| <b>11 oktober 2019</b><br><b>17:00 oere Krakeling</b>      | Jiergearkomste, mei ferhalen, foardrachten, potiten en sprekker / muzyk |
| <b>23 novimber 2019</b><br><b>20:00 oere Teater Posa</b>   | Kabaret/sjongen mei Noordenbos en Co?                                   |
| <b>14 desimber 2019</b><br><b>15:00 oere Krakeling</b>     | Krystsjongmiddei                                                        |
| <b>11 jannewaris 2020</b><br><b>15:00 oere Krakeling</b>   | Nijjiersbesite mei Frysk Bingo                                          |
| <b>15 febrewaris 2020</b><br><b>20:00 oere Teater Posa</b> | Toanieljûn                                                              |
| <b>21 maart 2020</b><br><b>20:00 oere Teater Posa</b>      | Toanieljûn                                                              |

## KRITENIJS.

- It 'Moai en mâl' (Lief en leed): As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei: [annie\\_evenhuis@hotmail.com](mailto:annie_evenhuis@hotmail.com)
- As der leden binne dy't oar kritenijs hawwe, graach efkes stjoere nei [kopijsekrite@janbijkerk.nl](mailto:kopijsekrite@janbijkerk.nl). Yn't foar tige tank.

### Troudagen kommende moannen:

- Pier en Pytsje Kalsbeek, **24 april 60 jier** troud.
- Jan en Fetsje Meijer, **6 maaie 60 jier** troud;
- Joop en Henny Wassenaar, **28 maaie 55 jier** troud;
- Frans en Lous Hesse, **31 maaie 40 jier** troud



**Wy tinke ek oan minsken dy't op it stuit net nei de kritejûnen komme kinne fanwege sykte as oare swierrichheden. In protte sterkte tawinske.**

bûn fiele, dan seit de mearderheid op it earste plak: **Fryslân**. Oare provinsjes, sa as Noard-Hollân, Súd-Hollân en Oerisel, litte in hiel oar byld sjen. Yn Oerisel bestiet it provinsjegefoel hast net. Dêr binne jo Tukker of Sallander, maar niet Oeriseler. Yn Fryslân is it provinsjegefoel it sterkst fan alle provinsjes. Taal spilet derby in wichtige rol, lykas yn Seelân en Limboarch. Sa kinne jo sjen dat de taal dúdlik in bynmiddel is in dizze streken.

Hast trijekwart fan de Friezen antwurdet dat sy tige grutsk op harren provinsje binne. Dit is op 'e nij it heechste persintaazje fan it lân. Friezen fine, lykas Siuwen, Drinten, Limboargers en Gelderlanners, harren eigen provinsje it moaiste.

Opfallend is ek dat Friezen it meast meidien hawwe oan de enkête. Yn totaal diene der hast 25.000 minsken mei, mear as 3.700 dêrfan wiene Friezen.

Mar wêr binne wy Friezen dan sa grutsk op? Hast seis op de tsien Friezen (59 prosint) neamt **de Fryske taal** as ien fan de twa saken dêr't se it meast grutsk op binne. Bysûnder is dat dit troch jongeren fan 18 oant 24 jier it meast neamd wurdt. Leafst 66 prosint fan de jongerein fynt it Frysk dus eat om grutsk op te wêzen.

Tagelyk is Fryslân net de provinsje dêr't de minsken harren eigen taal yn de mearderheid ek thús prate. Fan de Friezen seit krekt wat minder as in tredde (31 prosint) de taal altyd te praten mei famylje en freonen. Op de fraach wa't de wichtichste Fries is, mochten dielnimmers sels in antwurd ynfolje. Mei ôfstân wie de winner op dizze fraach: **Grutte Pier**, folge troch Foppe de Haan, Abe Lenstra en Doutzen Kroes. Friezen fine de **famyljebân ek tige wichtich**: in opfallend grut oantal minsken neamt **heit en mem** of **pake en beppe** as grutste Fries. Dat seit genôch, dochts? No, minsken, ik moat wer ôfslute, de twa siden binne wer fol. Wy geane hooplik it goeie waar wer temjitte, it wie hjoed, as ik dit skriu, noch roetkâld op de wyn.

Ik winskje jimme allegearre, mei jimme famylje, in tige moaie en foaral in sûne simmer ta. En ik hoopje jimme sa folle mooglik op 11 oktober, op ús jiergearkomste yn de Krakeling, wer te moetsjen. Oant sjen .....!

Groetnis, jimme foarsitter Jan Bijkerk.

## Lytse argewaasje

Klaske de Klerk siet noch net sa lang by Styntsje, har dochter, of se hie de lytse Klazina al op 'e earm. De poppe wie har earste beppesizzer en krekt trije wike lyn op 'e wrâld kommen.

Klaske wie hast like wiis mei it berntsje as Styntsje.

Al hie se it wol moaier fûn as it bern allinnich har namme krigen hie. 'Klaske' wie ommers in prachtige geve Fryske namme, neat mis mei.

De bern makken der in Klazina fan. Styntsje hie har útlein dat se Hindrik syn mem ek fuort ferneame woene. Dat wie Ineke Jaarsma. Klaske hie der mar net tefolle fan sein. Fan in 'Klaske' en in 'Ineke' in Klazina meitsje ! Hoe krigen se it yn 'e holle. No ja, Hindrik en Styntsje moasten it sels mar witte. Sy hie har dalik foarnommen om it bern letter gewoan Klaske te neamen.

Mar wat wie it dochs in alderleafst berntsje en wat seach se helder út 'e eachjes. It wie no al te sjen dat it famke harren kant út skaaide en aldergelokst net nei dy slûchslimme Jaarsma's. Klaske wie wol sa ferstanich om dat net tsjin har dochter te sizzen.

Styntsje geat krekt it twadde bakje tee yn, dêr kaam frou Jaarsma it paad opsilen. Dat wie de lêste dêr 't Klaske ferlet fan hie, mar Styntsje helle har skoanmem gol yn. Suver mar wat oerdreun, tocht frou de Klerk.

Fansels liet se har gefoelens net blike en begroete se Ineke Jaarsma alderhertlikst. "Dus, jo woene jo jongste beppesizzer ek wer efkes sjen. Wat is it dochs in prachtich dinkje net ? Ik sei krekt tsjin Styntsje: Sa 't se op dy liket doesto sa lyts wiest. Krekt – en - gelyk. Dat mûltsje, dy eachjes en itselde noaske."

"O ja ? " Frou Jaarsma stuts de hannen út mei de bedoeling om it berntsje oer te nimmen. Mar sa maklik liet Klaske har dy lytse skat net ûtnaderje.



## Weromsjen ferkeap boeken seizoen 2018-2019

It ôfrûne seizoen hat de Krite troch jo oankeapen omtrint € 140,00 (in rekord!) op har rekken byskriuwe kind, in moai resultaat!

It kommende seizoen stean wy der wer mei de boeketafel mei nije en healslieten boeken en de moaie kaarten fan mefrou Schiere. Wy hoopje dat jo dan wer komme te sneupen en wat fan jo gading fine.

Wolle jo foar de fakânsje dochs noch graach in protsje Fryske boeken mei nimme, dan binne jo fan herte wolkom by ús thús. Dan graach earst efkes in mailtsje of telefoantsje.

Luit Dijk en Johanna van Dijk, [luit.dijk@kpnmail.nl](mailto:luit.dijk@kpnmail.nl)

Tel. 0320-412444 / 06-21805257

## Ut de ITENSIDERIJ.

### HYNLJIPPENS PREISKÛTEL

#### Yngrediïnten

- 1½ kilo prei;
- 25 gram bûter en wat bûter om yn te fetsjen;
- 15 gram blom; - ¼ liter molke; - 2 aaien;
- 4 tsjokke plakken skinke (omtrint. 300 gram);
- 75 gram raspe tsiis; - piper en sâlt; - 2 ytleppels panearmoal .



#### Tameitsjen

- Snij de wite parten fan de prei yn 3 gelikense stikken.
- Waskje dit goed en sied it yn in lyts bytsje wetter bytgear.
- Lit it goed útlekke en raan de bûter en rier der de blom troch hinne.
- Lit it blommingsel op in leech fjoer 1 minút siele.
- Foegje bytsje by bytsje de molke ta en bring de saus al rierend oan de soad.
- Nim de panne mei de bûne saus fan it fjoer en rier der de loskloppe aaien troch hinne.
- Snij de skinke yn dobbelstjintjes en skep se mei de tsiis troch de saus.
- Bring it gehiel op smaak mei piper en sâlt.
- Strui it panearmoal op de boaiem fan in ynfette ûneskaal.
- Jit der in laachje fan de saus yn.
- Ferdiel de prei deroer en jit de rest fan de saus deroer.
- Lit it gerjocht yn de foarferwaarme ûne (140° C) yn 30 minuten troch en troch waarm wurde.



der lûd applaus waard de priis oan de famylje útrikt. Dit wie in geweldige ôfsluting fan wer in moaie kritejûn en elk gie mei in goed gefoel op hûs oan.

Annie Noppers.

## Ut de BOEKEHOEKE.

### Sprutsen Fryske Boeken

Fan ús kritelid Jill Tergau krigen wy in skinking fan in trijetal kassettes mei sprutsen boeken. Jo kinne de boeken beharkje fia (noch) kassettes. Dus as jo noch in kassetterekorder hawwe (of liene kinne) is hjir in mooglikheid om in trijetal moaie, sprutsen boeken, te beharkjen.



*It giet om de folgjende boeken:*

**S.J. van der Molen:** 'Nederlands sageboek Diel IV'. It lêste diel út in searje fan 4, dy van der Molen skreau yn de jierren 1934-1943. Dit binne 3 kassettes.

**Ype Poortinga:** 'Hûndert pûn klûntsjes en in karre fol lytsjild'. Fryske folksferhalen út 1982. Dit binne 14 kassettes.

**H. Twerda:** 'Fan eigen hiem' - lêsbok foar thús en foar de heechste klassen fan de basis-skoalle. Dit binne 3 kassettes.

BOEKEN  
FAN FRYSLAN

"Jo komme krekt fan bûten. Jo moatte earst wat op temperatuer komme. Oars kin it famke wol wat skypje."

Frou Jaarsma skodholle. "Dat falt wol wat ta, dat binne fan dy bakerpraatsjes. Ik haw al tolve beppesizzers en der hat noch nea ien wat fan oprûn as immen fan bûten kaam en sa'n berntsje op 'e earm hold. Ik tink sels dat it wol sûn is, dan begjint it bern daliks mei wjerstân op te bouwen. Do kinst my de lytse Klasine rêstich jaan."

Sa sei se dat: Klasine. Goed de klam op 'ine'. Beret pakte se it hummelke fan Klaske har earm. Dy liet dat doe gewurde, te ferbjistere fanwegen it ferhaspeljen fan it famke har namme. Dat wie altyd noch in Klázina.

It foel har danich ôf dat Styntsje dêr neat fan sei !

Ineke Jaarsma joech in demonstraasje hoe 't jo mei sokke berntsjes omgean moasten. Se kraaide deroer. "No, kom do mar eefkes by dyn oare beppe. O, o, o wat bist moai ! En wat hast moaie kleantsjes oan, krekt in prinseske.

Oh, heden , moat se sa gapje ? Beppe kin hast oan it maachje ta sjen. No, no, no net !"

Unnoazel frommes, tocht Klaske, mar se dronk glimkjend har tee.

Dat glimke bekaam, doe 't frou Jaarsma sei: "Ik begryp net wêrsto it weihellest dat it famke jim kant útskaait. It is op en út in Jaarsma. Se liket krekt op de bern fan ús Durk en ús Sytse, doe 't dy sa lyts wiene. Dat kintsje, dy earkes, de noas en benammen de eachopslach. Ja hear, dit hertsje is in echte Jaarsma."

Sa ûnsjoch sil it stumper hooplik net wurde, skeat troch Klaske hinne. Gelokkich koe se dat foar har hâlde.

"Binne jo dêr net mis mei ? Se hat in soad fan Styntsje, hear. En ek fan ús Thea, doe 't dat sa'n poppe wie."

Wat grutsk sei se derachter oan : "Us froulju hawwe eartiids beide alris 'rondemiss' west by it hurdfytsen. En dêr sykje se de kreasten foar út. Dat ik hoopje foar it famke mar..." "Kreazens allinnich komt in minske hjoed de dei net fier mei, Klaske. Der moat ferstân by. En as ik dan sjoch hoe goed as ús jonges it dogge.."

Klaske hie har nocht. "Ja, ja, "seit se en kaam oerein. "Kom, ik moat nedich fuort."

Stytsje seach wat sneu. "Ik tocht dat mem ek in bakje kofje meidrinke soe." "Nee bern, dat dogge wy in oare kear, it sjit my krekt yn 't sin dat ik noch gjin griente yn 'e hûs haw. Bliuw mar sitten fanke, ik kom der wol út. Oant sjen, frou Jaarsma."

Se wachte it antwurd net ôf en stie yn in omsjoch yn 'e gong. Doe 't se de jas oanluts, hearde se Ineke Jaarsma kraaien: "En wat seit myn lytse Ine dan?" Ine, sûnder Klaz.... !!

Klaske de Klerk luts justjes te wrimpen de doar efter har yn it slot.

Anders M. Rozendal ( Ut: 'Hupsakee en oare ferhalen' KFFB 2009)

## Weromsjen op de kritejûn mei Hymphamp op 23 maart j.l.

Sneon 23 maart wie al wer de lêste kritejûn fan it winterskoft 2018 / 2019. En it wie absolút in geweldige ôfsluting, mei teatergroep Hymphamp. De groep is gjin ûnbekende foar de Sékrite, want sy stienen ek by it jubileum fan de Sékrite yn novimber 2016 op it toaniel yn De Cantine. Doe hiene sy de foarstelling 'Op portret', en dizze kear it ferfolch dêrop, 'Dûbelportret'.



In soad leden hawwe blykber goede oantinkens oan harren, want der wiene 61 besikers; ûnder harren ek in tal net-leden, wêrfan der twa dy jûn lid waarden.

Hymphamp is in toaniel-/kabaretgroep út Rottefalle, dy't bestiet út twa akteurs. Sy wurde begelaat troch twa muzikanten, in gitarist en in akkordeonist. Sy bylden op in meastal komysk - hylaryske, en soms oandwaanlike manier situaasjes út, dy't – mei troch de werkenbarens – enoarm om te gnizen binne. En lake waard der dan ek dy jûn, soms sa


hiene it programma wat omgoaid, it publyk hold neffens harren wol fan 'meisjongers'. Dit sloech oan, der waard út folle boarst meisongen mei ferskes lykas "de Maitiid" en "It Heitelân". Ek lerske ferskes fan The Dubliners û.o. 'Molly Malone' en 'No, nay, never', song it publyk geweldich mei.

De mannen fûnen it tige bysûnder dat de hiele jûn it ljocht fersoarge waard troch Kevin (de eigener fan



Posa), gjin Fries en dochs hieltyd op it krekke momint it ljocht betsjinne. Tusken de ferskes troch wie it sels hielendal tsjuster en de mannen fregen harren ôf of der soms tocht waard as der wat spannends barde, eat wat it ljocht net ferdrage koe! Oan it ein fan it

optreden waarden hja betanke mei in hiel grut applaus. Neidat elkenien wat te drinken helle hie, waard de hege hoed foar de ferlotting tefoarskyn helle. Lykas wol faker bard wie, foelen de prizen yn it begjin by de selde persoanen. Protest fan alle kanten, benammen fan Kevin, neffens him wûn hy nea wat, hy krige doe dan ek fuortdaliks in priis, in faas mei tulpen. Oan it ein fan de ferlotting kaam, ta elks fernuvering, Kevin nei foaren. Hy joech in priis wei, nammentlik in jierabonnemint fan teater Posa. Dat wie net neat! Hy grabbele yn de hege hoed foar it winnende lot en de priis foel op lotnûmer 421 fan de fam. De Boer. Un-





ater op de Doarpstún. "Fan mûzen en mannen" giet oer de bysûndere freon-skip tusken George en de geastlik beheinde Lennie. De mannen ha in grutte mienskiplike dream dy't se nettsjinsteande alle tsjinslaggen yn it libben besykje yn stân te hâlden. "Fan mûzen en mannen" is rau en leafdefol, humoristysk en oangripend. De spyldata binne 26, 28 en 29 juny en 3, 4, 5 en 6 july. Bliuw op 'e hichte fia webside [www.iepenloftspulsnakkerbuorren.nl](http://www.iepenloftspulsnakkerbuorren.nl)

### Kollumersweach

"NIENKE", wurdt spile troch it Masquerade Theater op 21, 22, 23, 28, 29 en 30 juny oan de Foarwei 183 yn Kollumersweach. It giet oer it libben fan Sjoukje Maria Diderika Troelstra-Bokma de Boer... Wa??? Sy is de skriuwster fan Afke's Tiental, miskien kinne jimme har better as Nienke van Hichtum. Yn it stik sjocht men twa libbens, dat fan Nienke en dat fan Afke mei har bern. Ynformaasje op webside [www.masqueradetheater.nl](http://www.masqueradetheater.nl)

### NB

Op dit stuit (febrewaris 2019) is noch net alle ynformaasje beskikber. It lêste nijs omtrint alle iepenloftspullen yn Fryslân fine jo op [www.iepenloftspullen.nl](http://www.iepenloftspullen.nl) en 4, 5, 9, 12, 13, 14 july. Bliuw op 'e hichte fia webside [www.iepenloftspulbantegea.nl](http://www.iepenloftspulbantegea.nl)

### **Ferslach Kritejûn fan 16 febrewaris mei Wiltsje fan Peazens.**

Wy hawwe, lykas altyd, wer in moaie jûn hân yn teater Posa. De opkomst wie goed, omtrint 60 leden, wêr ûnder ek in oantal net-leden. Dat is moai, dat betsjut dat der mear bekendheid oan ús Fryske jûnen komt. Ek binne wy bliid dat Johannes Fransen der wer by is.

Dizze jûn wie Wiltsje fan Peazens útnûge, by de measten wol bekend. Fol entûsjasme waarden hja troch de foarsitter ûntfongen en de moaiste ferskes waarden troch harren nei foaren brocht, fan komysk oant weemoedich. Yn it skoft waard de boeketafel goed besocht. De prizetafel foar de ferlotting seach der lykas altyd, wer hiel goed út. Nei it skoft kamen de mannen mei in soad 'meisjongers', hja



dat de triennen derfan oer de wangen rûnen. Om in pear situaasjes te neamen: it pear wêryn de frou oerdúdlik de broek oan hie; it folsleine ANWB-stel Rudi en Tiny, dat nei 25 jier op itselde plak op fakânsje wie as wilens har houliksreis, mar in fytstocht no fan ôf de oare kant makke; de heit dy't op skoalle op it matsje roppen waard fanwegen it gewelddiedige gedrach fan syn bern mar dat gedrach eins hiel normaal fûn; de sjongeres yn oplieding dy't it Fryske Volksliet omtrint 'fermoarde'; de Latynsk-Amerikaanse muzykgroep: it 'Veiligheid voor Alles Team' mei stazjêre Sytske en de oplier dy't it publyk oanhâldend warskôge dat men noch mar "zo'n stukje af was van verwijdering"; en de âldereifersoarger dy't de oan har rolstoel ferbûne frou net nei 'it húske' bringe woe.



Alles begelaat troch de twa poerbêste muzikanten, dy sa no en dan ek it publyk lekker meisjonge lieten. Ik bin fêst sênen ferjitten, mar it wie alle-gearre hiel moai.

Fansels kin sa'n jûn net sûnder de gebrûklike lotterij, dêr't omtrint elkenien oan meidocht en wêrby wer aardige en lekkere prizen te winnen

wiene, dy't ek foar de artysten oanloklik bliken te wêzen.

Al mei al in prachtige ôfsluting fan it winterskoft.

Yvonne Nederpel

## Eveneminten yn Fryslân Simmer 2019

### Skûtsjesilen SKS 2019

27 july : Grou (start)  
 29 july : De Feanhoop  
 30 july : Earnewâld  
 31 july : Terherne  
 1 augustus : Langwar  
 2 augustus : Ealahuzen  
 3 augustus : Starum  
 5 augustus : Wâldsein  
 7 augustus : De Lemmer I  
 8 augustus : De Lemmer II  
 9 augustus : Snits (finale)

### Skûtsjesilen IFKS 2019

10 augustus : Hylpen  
 11 augustus : Starum  
 12 augustus : Heech  
 13 augustus : Sleat  
 14 augustus : Ychtenbrêge (rêstdei)  
 15 augustus : Ychtenbrêge  
 16 augustus : De Lemmer I  
 17 augustus : De Lemmer II (finale)



### Keatsen 2019

11 maaie : Hilversum  
 10 juny : Frjentsjer  
 17 - 21 juny : Harns  
 31 july : Frjentsjer  
 7 augustus : Wommels  
 21 augustus : Weidum

- Heren 50+ / FBA (Kv "Melle Veenstra")  
 - Bûnspartij  
 - Lanenkaatsen  
 - PC Heren  
 - Freulepartij  
 - PC Dames



### Fierljeppen 2019

6 july : Drylst  
 27 july : 't Heidenskip  
 7 augustus : Drylts  
 10 augustus : Winsum  
 31 augustus : Zegveld

- Twakamp Hollân - Fryslân  
 - Nat. Fierljep Manifestaasje  
 - Fryslân Cup  
 - Frysk Kampioenskip  
 - Ned. Kampioenskip



### Fytsen 2019

fan 2 july ôf : Wolvegea  
 fan 8 july ôf : Burum  
 fan 16 july ôf : Assen +7 oare  
 fan 13 aug. ôf : Appelskea  
 fan 26 aug. ôf : Ljouwert

- Fytsfjouwerdaagse  
 - Lauwersland fietsvierdaagse  
 - Drentse Fiets4daagse  
 - Fytsfjouwerdaagse  
 - Alvestêdefytsfiif(5)daagse



## Wettersport Algemien 2019

31 maaie : Akkrum - Eneco Sinneboatrace  
 2 - 11 aug. : Snits - SneekWeek  
 7 augustus : Snits - Hurdsyldei  
 21 - 23 july : Starum - Fiskerijdagen  
 28 aug - 31 aug. : Harns - Fiskerijdagen  
 29 augustus : Balk - Gondelfeart  
 30 augustus : Aldeboarn - De 74ste Gondelfeart  
 18 - 26 oktober : Warkum - Fiskerijdagen, Strontrace, Liereliet



## Oare eveneminten yn Fryslân 2019

28 maaie - 1 juny : Ljouwert - 73ste Alvestêdekuiertocht  
 10 juny : Boalsert - Fyts Alvestêdetocht  
 24 - 25 maaie : Ljouwert - Frysk Strjitte Festival  
 14 - 23 juny : Skylge - Oerol Festival  
 26 - 29 juny : Boalsert - 66ste Heamielagen  
 3 - 6 augustus : De Feanhoop - Feanhoopfestival  
 24 july : De Jouwer - Boerebrulloft  
 17 - 21 july : De Jouwer - Ballonfeesten  
 20 en 21 sept. : Droegeham - 50ste Gondelfeart op Tsjillen  
 26 septimber : De Jouwer - Joustermerke  
 3 oktober : Boalsert - Bolletongersdei



Sjoch ek op [www.hetfriesehart.nl](http://www.hetfriesehart.nl) en op [www.friesland.nl](http://www.friesland.nl) foar alle oare eveneminten yn Fryslân

## Iepenloftspullen yn 2019

### De Tynje

Stifting iepenloft de Tynje presintearret **"Wit jim mem it wol!"** (Frij nei musical **Mama Mia**). It stik wurdt spile op 22, 24, 25, 28, 29 maaie en op 1 juny. De foarstellings fine plak by 'Theeschenkerij de Ulesprong'. Bliuw op 'e hichte fan de lêste berjochten hjirroer fia webside [www.iepenloft.fr!](http://www.iepenloft.fr!) of [www.sidt.nl](http://www.sidt.nl)

### Snakkerbuorren

Yn Snakkerbuorren sil de teaterbewurking fan it wrâldferneamde **'Of mice and men'** fan John Steinbeck as iepenloftspul opfierd wurde yn it iepenlofte-